

Jierrekken 2022

Algemien

De jierrekken 2022 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finânsjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers, mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

Eksploitaasje

Yn de neikommende tabel stiet in oersicht fan de eksploitaasje 2022. Dêrby is in fergelyking makke tusken de begutting en de werklike eksploitaasje.

Omskriuwing	begutting 2022			werklik 2022			Omskriuwing	begutting 2022		werklik 2022	
	dir.kosten	yndir. koste	kosten	dir.kosten	yndir. kosten	kosten		baten	baten	baten	baten
Fedde Schurerlêzing	1.750	423	2.173	754	277	1.031	rinte & dividind	250		5	
Oanmoediging (FRP, fear, plom)	2.250	544	2.794	0	0	0	stipe & jeften	6.250		8.526	
Kontakt mei efterban & belied	2.000	484	2.484	1.827	672	2.499	Ynkomsten 'de Nije'	8.500		7.716	
Abonneminten foar achterban	5.000	0	5.000	4.883	0	4.883	Ynkomsten 'it Nijs'	2.000		2.000	
sub-totaal 'sichtberens'	11.000	1.452	12.452	7.463	950	8.412	sub-totaal eigen baten fan de Ried	17.000		18.247	
Bestjoer & Beleid	2.750	665	0	2.116	779	2.895	Subsydzje Provinsje Fryslân	20.400		20.696	
Ynternasjonale kontakten	3.250	786	4.036	2.954	1.087	4.041	Oare subsydzjes en ynkomsten	0		0	
sub-totaal 'suksessens boeke'	6.000	1.452	7.452	5.070	1.866	6.936	sub-totaal subsydzjes	20.400		20.696	
3. It Nijs.frl											
Redaksje	17.320	4.191	21.511	16.463	6.059	22.521					
Middelen	2.500	605	3.105	2.098	772	2.870					
sub-totaal 'It Nijs.frl'	19.820	4.796	24.616	18.561	6.831	25.391					
Advies & kantoar / Frijwilligers	2.400	-2.400	0	1.959	-1.959	0	Bestimde reserves	14.500		14.500	
Oare kosten	5.300	-5.300	0	7.687	-7.687	0	Ynkomsten bûsboekje	15.000		16.677	
sub-totaal Ried	7.700	-7.700	0	9.646	-9.646	0	sub-totaal 'bestimde reserves'	29.500		31.177	
Tiidskrift 'De Nije'	28.000	0	28.000	25.587	0	25.587	Tekort (betelle út eigen reserve Ried)	20.620		12.393	
Frysk bûsboekje	15.000	0	15.000	16.187	0	16.187					
sub-totaal 'útjeftes & projekten'	43.000	0	43.000	41.774	0	41.774					
Totale kosten	87.520	0	87.520	82.514	0	82.514	Totaal fan alle soarten baten	87.520		82.514	

Taljochting op de eksploitaasje 2022

De eksploitaasje 2022 fan RFFB slút mei in negatyf saldo fan € 12.393. Dat wie earder begrutte op € 20.620.

Kosten

De totale kosten foar 2022 wiene begrutte op € 87.520. De totale kosten yn de eksploitaasje binne lykwols leger útfallen as begrutte. Tusken de ferskate ûnderdielen binne der wol wat ferskillen.

De kosten foar belizzings wurde net apart ynsichtlik makke yn it eksploitaasje-oersicht. Yn 2021 wiene de kosten foar de Rabobank € 3.243,98 (0,61%), yn 2022 wie dat € 4.397,18 (0,90%). Die ferheging fan kosten komt trochdat wy mear ûndersteuning fan de belizzingsadviseur ynkocht hawwe.

De yndirekte kosten binne de kosten dy't de Ried ek hawwe soe at wy de hjirfoar neamde aktiviteiten net dwaan soene. Dat binne kosten foar bygelyks hûsfêsting en gearkomsten fan it bestjoer, mar ek de bestjoersadviseur en de administratyf meiwurker. Deze kosten wurde tarekkene oan de direkte aktiviteiten. Dêrom steane se as negatyf ûnder it kopke yndirekte kosten.

Datum: 15 maaie 2023

status: fêststeld troch de Ried

De kosten foar de Fedde Schurerlêzing binne leger as begrutte. Dat komt benammen om't de kosten foar de sealhier yn natura bydroegen binne troch Tresoar. Yn 2021 hiene wy noch sealhier by de Koperen Tún. Yn 2022 wie it wer gewoan by Tresoar.

De kosten foar Itnijs.frl binne wat heger útfallen as begrutte. Dat komt benammen troch hegere kosten foar redakteurs. De kosten foar DE NIJE binne leger as begrutte. Dat komt benammen trochdat we oan de ein fan it jier minder útgjûn hawwe oan promoasje. Yn oktober is it beslút naam om op te hâlden mei DE NIJE. Hjirtroch hie promoasje gjin wearde mear. De kosten foar Fearen en Plombrieven wiene beheind. Der is lykwols in Fear útrikt oan SFBO, mar de produksjekosten dêrfoar wiene al makke yn 2021.

Baten

De baten binnen leger as de kosten. Hjirtroch is der in tekoart op de eksploitaasje. Om kosten en baten yn it oersjuch yn balâns te hâlden stiet it tekoart as in posityf bedrach fermeld.

De baten wiene begrutte op € 66.900. (€ 87.520 minus tekoart fan € 20.620) Uteinliks wiene dy baten € 70.121 (€ 82.514 minus tekoart fan € 12.393) It ferskil sit der benammen yn dat yn de ynkkomsten út stipe en heger wiene. Dat jildt ek foar de ynkkomsten fan it Frysk Bûsboekje.

Saldo

Om 't de kosten folle heger binne as de baten, wie der yn 2022 in negatyf saldo. Besletten is dat de tekoarten dutsen wurde út de eigen reserve fan de Ried. Elk jier (oant 2030) is dêr € 14.500 foar útlutsen. Dêr komt no lykwols it ekstra tekoart noch by. Foar 2023 sjucht de sitewaasje der geunstiger út, om't wy ophâlden binne mei DE NIJE. De NIJE wie de grutste reden foar tekoarten op de eksploitaasje, de lêste jierren.

Taljochting op de balâns op 31 desimber 2022

De balânsposysje is yn 2022 leger wurden. It balânstotaal stie op 1 jannewaris 2022 op € 718.026 en op 31 desimber 2022 wie dat € 618.306. It balânstotaal naam ôf mei likernôch hûndertûzen euro. Dat komt foar it grutste part troch in negatyf belizzingsrisseltaat. Nei in goed belizzingsjier yn 2021 wie der sûnt febrewaris 2022 in grutte delgong troch de oarloch yn Oekraïne. Ein 2022 is dat foar in part wer bylutsen. Dêrneist hiene wy ek in foars tekoart op de eksploitaasje.

Effekten

De wearde fan de effekten is yn 2022 fermindere fan € 544.583 nei € 466.757. De belizzersrekken kin net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de Rabobank. It ôfsprutsen profyl is 'defensyf' en 'duorsum'.

Balans op 31 desimber 2022

(bedragen yn €)

	1-1-2022	31-12-2022		1-1-2022	31-12-2022
Aktiva			Passiva		
<i>Rinnende bankrekkens</i>			<i>Fermogen</i>		
NL15RABO 0132 2601 58	4.908	5.640	eigen fermogen fan de Ried		
RABO13368559869 doelreserveren	52.079	52.084	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	572.359	603.916
NL55INGB 0001 1234 54	7.426	8.984	Risseltaat JKF	38.557	-73.317
totaal rinnende bankrekkens	64.413	66.707	Kwytskelding liening Fryslân Fûns	-2.000	0
<i>Oare bankrekkens</i>			nije bestimde reserve (Jou my de fiif)	-5.000	-5.000
RABO-Frysk Bûsboekje	10.030	10.521	oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	0
totaal oare rekkens	10.030	10.521	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	603.916	525.599
<i>Deposito- en sparrekkens</i>			frije algemiene reserve fan de Ried	127.159	89.080
ASN Sparrekkens	99.000	74.322	bestimde reserve eksploitaasje	-14.500	-14.500
totaal depositorekkens	99.000	74.322	oandiel eksploitaasjerisseltaat	-23.579	-12.393
<i>Belizzingen</i>			frije algemiene reserve fan de Ried	89.080	62.187
RABO 0328094994 belizzersrekken	9.255	4.932	<i>totaal algemiene reserve fan de Ried</i>	<i>692.995</i>	<i>587.786</i>
Effekten	535.328	461.825	<i>Stipe biografy Feitsma</i>	<i>10.000</i>	<i>10.000</i>
totaal belizzings	544.583	466.757	<i>Stipe Pier21 (Kneppelfreed)</i>	<i>5.000</i>	<i>5.000</i>
<i>Foarderingen</i>			Jou my de fiif yn de bus		5.000
Liening Fryslân Fûns	0	0	<i>Bestimde reserve bûsboekje</i>	<i>10.030</i>	<i>10.521</i>
totaal foarderingen	0	0	rinnende ferplichtings	25.030	30.521
Totaal fan de aktiva	718.026	618.307	Totaal fan de passiva	718.026	618.307

Datum: 15 maaie 2023

status: fêststeld troch de Ried

Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009. It startkapitaal wie € 640.090. As ANBI moatte wy it jild ynsette foar de aktiviteiten. We meie dat net allegear oppotsje. Dêrom is in part fan it fermogen ynbrocht yn de frije reserve fan de Ried, sadat it brûkt wurde kin foar aktiviteiten. Yn 2022 is it JKF mei likernôch € 73.000 ôfnaam. Nei twa jierren groei fan de belizzings is dit no tebekfallen en is de wearde fan it fûns op 31 desimber 2022 € 525.599.

Inkele eleminten binne fan belang:

- Yn in aparte rigel 'Risseltaat JKF' wurde fluktuasjes yn de koersen fan de effekteportefeuille en de sparrekens ferwurke; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se de eksploitaasje net. It negative risseltaat fan it JKF is yn 2022 fêststeld op -/- € 73.317.
- Troch it oerheveljen fan in part fan it fûns nei de frije algemiene reserve soe it JFK tsien jier ynset wurde kinne om oan in basisfermogen te bouwen foar de perioade hjirnei. De tekoarten wurde de kommende jierren finansiere troch de Ried sels, op basis fan wat oant 2020 opboud is.
- Mei de frije reserve soe de Ried tsien jier foar út kinne. Troch de tekoarten op de eksploitaasje yn 2020, 2021 en 2022 is dit ferkoarte nei fjouwer jier.

Eigen fermogen fan de Ried: frije algemiene reserve fan de Ried

- Yn 2022 wie der in tekoart op de eksploitaasje fan € 12.393. Dat tekoart wurdt oanfolle út de frije reserve fan de Ried. Mei de bestimde € 14.500 is dat in delgong fan € 26.893 op de frije algemiene reserve fan de Ried.
- Dat betsjut dat de frije reserve op 31 desimber 2022 meiïnoar € € 62.187 is.

Resumearjend: Oer it jier 2022 wie der in tekoart fan € 12.393 mear as jierliks út de bestimde reserves brûkt wurde kin. Der sil dus de kommende jierren minder kosten makke wurde moatte. Dy beweging is no ynset troch op te hâlden mei DE NIJE. Ek sille wy kritysk sjen nei de oare útjeften fan de Ried.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve biografy Feitsma en Pier21

- Der is in tasizzing dien foar in garânzje-stipe oan de biograaf fan Tony Feitsma fan € 10.000. Mocht it net rûnkomme mei de finansiering fan dizze biografy, dan kin dêr dus oanspraak op makke wurde. Dit bedrach is dêrom reservearre út it JKF.
- Der is in tasizzing dien foar in stipe fan € 5.000 oan Pier21 foar in tal foarstellings oer Kneppelfreed. De Ried wurdt neamt as sponser. De stipefaktuer is noch net binnenkaam. Dit bedrach is dêrom reservearre út it JKF.

Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje

- Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De ferkeap fan it bûsboekje hat net in soad te lijen hân fan de koronamaatregels. Der wie sels in lytse taname. De reserve foar it bûsboekje is op 31 desimber 2022 likernôch gelyk bleaun mei € 10.521.

Skulden: noch te beteljen kosten

De Ried besiket de ferplichtingen oan de ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen en de rekkens foar 1 jannewaris te beteljen. Dêrmei wurdt it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hat fan gefolgen dat de stân op 31 desimber 2022 útkommen is op € 0.